

It bettere zappwurk

FD 19-04-2008

troch Yvonne Dijkstra

As Coen Peppelenbos yn it literêre tiidskrift *Tzum* (novimber 2007) yn in fraachpetear oan Nyk de Vries freget oft dy it ferearjend of ferfelend fynt dat syn proazagedichten yn de kritiken faak fergelike wurde mei it wurk fan de Russyske absurdist Daniil Charms, antwurdet De Vries: 'Ik geloof niet dat ik een echte absurdist ben. Het is niet mijn doel om met opzet op de vreemde toer te gaan. Ik probeer eigenlijk gewoon wonderlijke melancholische verhaaltjes te vertellen. Ik heb geen absurdistisch wereldbeeld of iets dergelijks'. Wûnderlik en mankelyk: dat binne de 'ferhaaltsjes'

- proazagedichten - yn de bondel *Motorman* seker. Wat my oanbelanget past dit sjenre De Vries dan ek as in sprekwardlik âlde jas.

Proazagedichten binne eins hiel koarte ferhaaltsjes mei de layout fan poezij. Meastentiids sit der yn *Motorman* in kear oan 'e ein fan elts gedicht dy't der foar soarget dat it byld sterk oansetten wurdt en hingjen bliuwt. Dat effekt is by it iene gedicht wat sterker en ferrassender as by it oare, en dat is ek daalk in minpuntsje oan de bondel: op in stuit sitst al te wachtsjen op de pointe en is it ferrassingeffekt wat fuort.

Mar fierder stiet dizze bondel, dy't tagelyk yn it Frysk en it Nederlânsk útkommen is, as in hûs.

It titelgedicht *Motorman* set daalk de toan: yntrigearjend as it is, ropt it bylden op en lit de lêzer achter mei mear fragen as antwurden. It begjint sa: 'Hy ried mar om op syn motorfyts en noait wist ik/ wat him troch de holle spile.' Fregest dy daalk ôf wa't dy 'ik' eins is en wêrom't hy (of sy?) eins sa graach witte wol wat der yn de motorman omgiet. Dat langstme is sa sterk dat de ik-figuer de motorman op in dei folget nei in hutte yn 'e bosk. Hy sjocht it folgjende tafriël as er deryn stapt: 'Foar my lei/ langút achteroer op 'e houten flier de motorman./ Hy seach op, kaam stadich oerein en stoarre/ my oan mei in frjemd read gesicht.'

Is dat wat wy tinke? Of is it wat

de skriuwer wól dat wy tinke? De skriuwer wit wat wy ferwachtsje en boartet mei dy lêsoannames. Jo ferwachtsje ommers heal en heal dat it riedsel oplost wurde sil yn de lêste pear sinnen, mar komt fan in kâlde kermis thús: de skriuwer makket de heimsinnigens eins allinnich mar grutter troch te einigjen mei it lot fan de 'ik-figuer'. Dy nimt syn yntrek yn it boskhûske en bliuwt dêr úteinlik goed tweintich jier wenjen. De pointe fan it gedicht: 'It is wier wat se sizze: elk nij hûs/moat better wêze as it foarige'...

Absurdistysk? De Vries sil it sels wol it bêste witte as er seit dat syn wrâldbyld perfoarst net absurdistysk is, mar dochs skeukt de opset

en ynhâld fan *Motorman* ticht by it absurdisme lâns. De proazagedichten steane neist elkoar, hast as lytse fingeroefeningen of sketskes foar in grutter ferhaal. It lêzen die my tinken oan it bylâns zappen fan tillefyzjekanalen: jo sjogge mar koarte glimpen, mar werkenne dochs daalk wat it is. Fansels giet dy ferliking net alhiel op, want as *Motorman* zappen is, dan dochs wol it bettere zappwurk.

En fierder is it by proazagedichten ferstannich om te zappen mei belied: men kin fan it goede ommers gau tefolle krije. Dêrom it advys om hieltyd mar in pear gedichten achter inoar te lêzen en de bondel dan wer efkes oan 'e kant te lizzen.